

Wit Wat



Dit boekje is fan

.....

Wit Wat

Skriuw de wurden op it goede plak.

(kies út: mear, pil, sil en sear)

Gedicht

Janke kin net goed mear slokke,
want har kiel dy docht sa
Krekt moast se der hast fan skrieme,
prate wol hjoed ek net
Aanst sil se mei mem nei dokter,
foar in drankje of in
Miskien dat de kiel fan Janke
dan wer better wurde



Op 'e radio

Henk, Klaas en Piter sjonge
foar de mikrofoan. Mar wa
komt echt op de radio?








.....
komt op de radio.



Lûd en sêft

Wat makket in protte lûd en wat is net sa lûd.

Skriuw **LÛD** of **SÊFT** by de plaatsjes.



Yn 'e studio
WIER OF NET?



Meitsje it rûntsje grien (wier) of read (net wier)

1. Der sitte fjouwer minsken yn dizze band.
2. De sjongeres moat altyd hiel lûd sjonge.
3. In gitaar hat altyd seis snaren.
4. Oan 'e wand hinget in gouden plaat.
5. By de opname moat je stil wêze.
6. Elke band hat in drummer.
7. Ik tel acht mikrofoans.
8. De man fan de technyk sit ek yn de band.
9. Ik fyn muzyk moai.
10. Ik spylje ek op in ynstrumint.

Dyn stim - 4
TROCHSTREEKPUZEL

Sykje alle wurden en jou se netsjes de goede kleur.



S	T	I	M	T	D
H	C	R	H	R	O
E	D	A	C	I	K
E	L	D	E	L	T
C	Û	I	E	J	E
H	D	O	L	E	R

STIM = grien
CD = read
HEECH = giel
LEECH = blau


TRILJE = brún
LÛD = pears
DOKTER = oranje

Asto it goed dien hast bliuwe der 5 wite hokjes oer. Sjochst wat der stiet? Skriuw it wurd hjir op.

Muzyk komt faak op 'e

Under wetter

Dolfinen en walfisken kinne ûnder wetter mei inoar prate. Yn de tekening stiet al ien dolfyn. Kinsto der noch in pear by tekenje? Miskien sizze se ek wol wat.



Dyn stim - 5















SUDOKU

Yn dizze puzzel sitte 5 plaatsjes.
In mikrofoan, in CD, in koptelefoan, in mûle en
in radio.

Yn elke rij sit it plaatsje mar ien kear.

Kinsto de oare plaatsjes tekenje?





Ferske

Dit is myn toan

tekst: Jelle Bangma

Muzyk: Meindert Bosklopper

'k Sjong de stilte yn 'e mjitte
op 'e nije iere moarn.
Mei gesang de tiid ferjitte,
'k sjong myn aldermoaiste toan.

Mar soms dy boaze dream
fan falske toanen yn myn stim
en fan in tichte kiel
dy twifelstim, ik haatsje him.

'k Brek de stilte sjongend iepen
op 'e nije iere moarn.
'k Wekje dy't noch leit te sliepen
mei myn aldermoaiste toan.

Mar soms in bang gefoel
dat ik dy heechste toan net rik
dat ik gjin adem ha
en yn 'e moaiste klanken stik.

'k Sjong de twifel út myn longen
en de eangst ferdwynt gewoan.
noait hat ien sa suver songen,
dit bin ik, dit is myn toan.

